FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Oan it Kolleezje fan *Deputearre Steaten*
en de leden fan *Provinsjale Steaten*
Provinsje Fryslân
Twibaksmerk 52
Postbus 20120
9800 HM LJOUWERT

Drachten, 26 july 2005

Underwerp: *Frysk- of dûbeldtalige buordsjes/opskriften/paadwizers yn û.o. it ûnderwiis en soarchynstellings*

Achte leden fan Provinsjale en Deputearre Steaten,

Wy rjochtsje ús ta jimme mei de fraach hoe't op in ridlike termyn realisearre wurde kin dat yn troch de oerheid subsidiearre ynstellings op it mêd fan *ûnderwiis* (bgl. skoallen), *sûnenssoarch* (sikehuzen, fersoargings- en ferpleechtehuzen, konsultaasjesburo's, geastlike sûnenssoarch en beheindensoarch) en yn de *wolwêzensektor* Fryske en/of dûbeldtalige *buordsjes*, *opskriften* en *paadwizers* op muorren, doarren (ta wurk- en gearkomsteromten) en yn gongen ferskine.

It falt ús op dat der yn ús offisjeel twatalige provinsje anno 2005 hast noch altiten ientalige (= Holllânsktalige) *buordsjes*, *opskriften* en *paadwizers* yn sokke ynstellings te finen binne. Wy witte dat it yn it Provinsjehûs, by Tresoar, yn guon gemeentehuzen en op Skoalle Lyndensteyn oars en better regele is, lykas yn oare lannen mei taalmindertallen (bgl. Wales, Ierlân).

It is ús bekend dat de provinsje *stimulearret* en *befoarderet* dat der yn sokke ynstellings in *taalbelied* ûntwikkele wurdt. Wy witte lykwols net yn hoefier't de saak fan de *buordsjes*, *opskriften* en *paadwizers* dêr diel fan út makket. Wy freegje ús ek ôf oft *stimulearring* en *befoardering* fan de kant fan de provinsje yn de takomst foldwaande wêze sil en oft de provinsje net mear *foech* hawwe moatte soe op de oanbelangjende mêden. It is better dat soks *sintraal* oanstjoerd wurdt op grûn fan in provinsjaal *foech* as dat bygelyks gemeenten of oare organen en ynstellings har dêrmei rêde moatte (en it almeast ôfwitte litte).

It liket ús taalpolityk fan betsjutting dat yn skoallen en soarchynstellings *dúdlik sichtbere sinjalen* ôfjûn wurde dat it Frysk dêr yn tel is en dat it op syn minst lykweardich en lykberjochtige is oan it Nederlânsk. En dat dêrmei oan learlingen, bewenners, kliënten, pasjinten ensfh. it gefoel jûn wurdt dat se dêr (ek) yn it Frysk terjochte kinne. De betsjutting giet dus fierder as allinnich 'geveltsje-Frysk'.

Yn alle gefallen wurket it Frysk op buordsjes, paadwizers ensfh. *drompelferleegjend* foar Frysktalige besikers en learlingen en *statusferheegjend* foar it Frysk sels. It is fan emansipatoaryske betsjutting foar de Friezen om ek op dy wize minderweardichheidsgefoelens foar it Frysk oer, dy't se krigen hawwe troch it jierrenlange tebeksetten fan it Frysk yn de maatskippij, te bestriden.

Yn it ûnderwiis hat sa’n foarm fan publike Frysktaligens (ek) dúdlik in *didaktyske* en *pedagogyske* funksje. En as yn kêst 13 (2, c) fan it *Hânfest foar Minderheidstalen* stiet: ‘te waarborgen dat sociale voorzieningen zoals ziekenhuizen, bejaardentehuizen en andere tehuizen de mogelijkheid bieden om personen die een regionale taal of taal van een minderheid gebruiken en die op grond van een slechte gezondheid, ouderdom of om andere redenen zorg behoeven, in hun eigen taal *te ontvangen* en de behandelen’, dan soene wy, mei wat goede wil, ûnder ‘ontvangen’ ek Frysktalige/dûbeldtalige buordsjes en paadwizers ferstean kinne. Us útstel kriget dêrmei in minder frijbliuwend karakter.
As dat sa is, dan soene wy dat graach hearre wolle.

Fansels binne der mear subsidiearre (kulturele) ynstellings, lykas musea, teaters, skouboargen, dy’t likegoed foldwaan moatte soene oan de fatsoenseask fan Frysk- of dûbeldtaligens op buordsjes en yn opskriften. En fansels tinke wy ek oan rjochtbanken, polysjeburo’s en oan oare oan wet en rjocht besibbe ynstellings yn Fryslân.

Yn alle gefallen soe ús fraach (ek) hiel goed passe binnen it provinsjale sektorplan *ûnderwiis*, it sektorplan *soarch* en it sektorplan *gemeenten*.

Graach soene wy jimme betinken hearre wolle oer dizze kwestje.

Mei rju achtinge,

S.T. Hiemstra,
skriuwer FFU